

Ferkiezingsprogram 2011-2015
Fertroud en Foarút

CDA
Fryslân

Ynhâld

Foarôf	4	4. Minsken	9
1. Wêr stiet it CDA foar	5	4.1 Befolking	9
1.1 Posysje	5	4.2 Jeugdsoarch	10
1.2 Ynspiraasjeboarne	5	4.3 ûnderwiis	10
1.3 Kristen-demokratyske wearden en idealen: in betruetsen maatskippij	5	4.4 Sport	11
1.4 Polityk gjin doel op himsels	6	4.5 Kultuer & taal	12
2. De CDA fisy op Fryslân	6	5. Omjouwing	13
2.1 Selsstannich Fryslân mei de blik nei bûten ta	6	5.1 Wenjen	13
2.2 Moai Fryslân	6	5.2 Natuer	14
2.3 Leefber Fryslân	7	5.3 De agraryske sektor	15
2.4 Koersfêst Fryslân	7	5.4 Wetter	16
3. De CDA fisy op it bestjoer fan Fryslân	7	5.5 Duorsumens	17
3.1 De provinsje: moedich spiler yn it maatskiplik netwurk	7	5.6 Ferkear en Ferfier	18
3.2 Provinsjaal foech fersus provinsjaal belang	8	6. Wurk	19
3.3 Ferhâlding mei it Wetterskip Fryslân	8	6.1 Ekonomy	19
3.4 De posysje fan de Fryske gemeenten	8	6.2 Rekreaasje en toerisme	21
		7. Finânsjes	22

Foarôf


Achte hear/mefrou,

Yn de lêste fjouwer jier hat Fryslân him fernijd en fersterke. Dêr wie de ynset fan provinsjale Steateleden en Deputearren fan it CDA yn Fryslân ûnmisber by. Ek de kommende jierren sil der grut ferlet fan harren ynset wêze. Yn in tiid fan minder groei en minder jild wurdt ekstra ynset en kreativiteit frege fan de maatskippij. Dat jildt dus ek foar CDA bestjoerders. Stipe troch in protte minsken, hooplik ek troch jo, sille sy harren yn de nije perioade fan herte ynsette foar it bêste foar Fryslân. Mei-inoar sette wy de skouders derûnder om Fryslân sterker te meitsjen foar de takomst.

Dit ferkiezingsprogram 'Fertroud en Foarút' fan CDA Fryslân is de basis foar de nije CDA Steatefraksje yn de perioade 2011 oant 2015. It is wat my oanbelanget de bettere kar foar ús provinsje. Der giet in protte goed yn ús provinsje, mar nije útdagings steane foar de doar. Stilstân is efterútgong en dus kieze wy derfoar om ynvestearjen te bliuwen yn leefberens, feilichheid, berikberens en wurkgelegenheid.

In hiele protte betruetsen leden en kiezers hawwe meitocht en meiskreaun oan dit program 'Fertroud en Foarút'. Dat achtet it CDA fan grut belang. It CDA is ommers in brede folkspartij mei minsken dy't alle dagen aktyf binne yn de Fryske maatskippij. As foarsitter tankje ik út namme fan ús bestjoer al dy minsken dy't harren bydrage levere hawwe oan it ta stân kommen fan dit oertsjûgjende program. Ik fertrou derop dat jo it mei ynteresse lêze sille.

Douwe Tamminga
Foarsitter CDA Fryslân





1

Wêr stiet it CDA foar

1.1 Posysje

It CDA is in moderne kristen-demokratyske folkspartij, dêr't de mienskip sintraal by stiet. De betruksenheid fan minsken by harren provinsje, harren gemeente, it gesin, de skoalle, it doarp of de stêd, it bedriuw, de feriening: dat is it wiere draachflak fan de provinsje. It CDA hat in hiel eigen plak yn de polityk fan Fryslân: op sosjaal-ekonomysk mêd, degelik as it om jild giet, fêsthâldend en appellearjend op it mêd fan noarmen, wearden en sinjouwing. It CDA is in partij dy't har oriïntearret op de maatskippij en de maatskiplike ûntwikkelings, dy't om in polityk antwurd freegje.

1.2 Ynspiraasjeboarne

It CDA is in brede folkspartij, woartele yn alle lagen fan de maatskippij. Dêrom biedt it plak oan in protte ferskillende minsken. Ús bynt, neist it leauwen yn demokratyske wearden, it Bibelsk boadskip as grûnslach en ynspiraasjeboarne by it sykjen nei oplossings foar hjoeddeiske problemen. It giet dêrby hieltyd om minsken, it minsklik gelok, waardichheid, feilichheid, soarch foar inoar, respekt, mienskipsin; dat binne ús fêste wearden.

1.3 Kristen-demokratyske wearden en idealen: in betruksen maatskippij

It CDA jout yn dit ferkiezingsprogram in antwurd op de feroarings, útdagings en oplossings foar de strukturele problemen. Yn de fisy fan it CDA kinne yn in hieltyd ferskater en mondiger wurdende maatskippij, oplossings allinne realisearre wurde as minsken harren frijheid en idealen yn gearwurking mei oaren nei- stribje. Dizze fisy is basearre op ús útgongspunten:

- *Spriede ferantwurdlikheid*
Frijheid komt it bêste ta har rjocht as minsken ferantwurdlikheid drage kinne foar harsels en harren neisten en dêrom de romte krije eigen karren te meitsjen, wêrby't de oerheid har beheind ta har kearn-taken. Dan ûntstiet romte foar in rykska-kearre en solidêre maatskippij.
- *Publike gerjochtichheid*
In betroubere oerheid moat op basis fan fêste wearden de boarger hieltyd de wis-sichheid fan de rjochtsteat biede en dúd-like grinzen stelle.

- *Solidariteit*
Freget om bygelyks betrutsenheid tusken generaasjes, stêd en plattelân en earm en ryk en in rjochtfearlich en foarspelber ynkommensbelied wêrby't de sterkste skouders de swierste lêsten drage en de draachkrêft fan húshâldens útgongspunt is.
- *Rintmasterskip*
Allinne as wy op ferantwurde wize omgeane mei de ús tafertroude libbensomjouwing, de natuer en it miljeu, soargje wy foar in duorsume wolfeart, ek foar folgjen-de generaasjes.

1.4 Polityk gjin doel op himsels

It CDA wol in degelike en betroubere politike beweging wêze en bliuwe, dy't nije wegen yn giet mar dêr't altyd fêste wearden oan ta grûnslach lizze. Polityk is foar it CDA gjin doel op himsels, mar in manier om saken yn de maatskippij foar inoar te krijen. It CDA hat dúdlike stânpunten oer de takomst, mar dy lizze wy net (iensidich) op. Besluten, dy't op brede stipe yn de provinsje Fryslân rekkenje kinne, binne duorsumer dan dy mei in smelle basis. Dêrom fine wy gearwurkjen, ta tsjinst fan de ynwenners fan Fryslân, sa belangryk.

De CDA-fisy op Fryslân

2

2.1 Selsstannich Fryslân mei it each nei bûten

Fryslân is unyk mei in sterke eigen identiteit. Dy mei net ferlern gean mar moat just fersterke wurde. In fúzje mei ien of mear oare provinsjes is foar it CDA ûnbesprekber. Dit wol net sizze dat it CDA net gearwurkje wol. Fryslân mei himsels net isolearje, mar stiet iepen foar in fersterking fan de sosjaal-ekonomyske gearwurking yn Noard-Nederlânsk ferbân en spilet yn op ûntwikkelings op lanlik en Europeesk nivo.

2.2 Moai Fryslân

In 2010 waard ús provinsje keazen as moaiste provinsje fan Nederlân. As Friezen binne wy dêr grutsk op. Sûnder neist ús skuon te rinnen. "Doch mar normaal, dan bist al Frysk genôch." Mar it seit wol wat oer hoe goed at wy it hawwe yn ús provinsje. Net allinne ús natuer is it wurdich om te koesterjen. Ek yn ús steden en doarpen is it goed wenjen.

Ús provinsje is unyk troch in lykwichtich spraak netwurk fan stedsgebieten, steden, regionale grutte kearnen en lytsere kearnen, dy't ferbûn binne troch in oantreklik lanlik gebiet; fariearjend fan in wrydsk en wetteryk lânskip oant in kûlisselânskip. Dizze opbou fan Fryslân ûnderskiedt him troch in fynmeskich netwurk fan bopperegionale, regionale en lokale foarsjenningens. Foarsjennings op dizze ferskate skaalnivo's binne yn Fryslân oeral berikber.

It is net fansels dat it allegear goed giet en bliuwt. De ûntwikkelings yn de omfang (krimp) en gearstalling (mear âlderen dy't yn trochsnee âlder wurde) fan de befolking en de ekonomyske sitewaasje binne foarbylden fan wiere bedrigings foar de leefberens yn ús provinsje. Op dizze ûntwikkelings jout dit ferkiezingsprogram in antwurd. Tagelyk binne der wis kânsen foar Fryslân; op it mêd fan lânbou, natuer en rekreaasje, berikberens, kul-

tuer, duorsumens en wurkgelegenheid. Dizze kânsen wol it CDA sa goed mooglik fersulverje.

2.3 Leefber Fryslân

CDA Fryslân wol der yn Provinsjale Steaten foar soargje dat Fryslân ek yn de takomst leefber bliuwt. Wy dogge dat op ús eigen manier. Fryslân is in eigensinnige provinsje. Mei eigen tradysjes en sporten en in eigen taal. Dat betsjut net dat wy in stek om de provinsje hinne sette. Ek yn de kommende jierren is it fan belang it moaie fan Fryslân mei oaren te dielen. Mei minsken dy't hjir in bedriuw starte wolle, dy't út ús provinsje wei eksportearje wolle nei de fiere hoeken fan de wrâld en mei harren, dy't hjir graach wenje wolle.

Om Fryslân leefber te hâlden wolle wy bouwe op de mienskipssin dy't sa tekenjend is foar ús provinsje. Net alles moat út it provinsjehûs wei beslút of regele wurde. Der moat romte wêze foar eigen inisjatyf yn stedswiken en doarpen. It kontakt tusken minsken makket fan wykbewenners buorlju. It soarget derfoar dat der each bliuwt foar minsken dy't help nedich hawwe. Dêr past in ynvestearjende provinsjale oerheid by. Dy't meihelpt om steden

en doarpen goed berikber en leefber te hâlden en dy't foar it Fryske belang stiet yn tiden fan grutte besunigingen.

2.4 Koersfêst Fryslân

CDA Fryslân hat de lêste jierren sjen litten dat de provinsje bydrage kin oan de leefberens fan Fryslân. In stevich ekonomysk belied hat derfoar soarge dat de wurkleazens no struktureel leger leit. In protte ynvestearings yn bettere en feiligere wegen binne dien en stean noch op stapel. Wy pakke de problemen fan jongeren mei alkohol oan. Wy ynvestearje yn de kwaliteit fan it Fryske ûnderwiis. Mei dit belied wurdt trochgien. Ús provinsje bliuwt net fansels de moaiste fan Nederlân. Dêr moatte wy mei syn allen oan wurkjen bliuwe, mar wol op ús eigen Fryske manier. It CDA stiet foar it belang fan Fryslân.

De CDA fisy op it bestjoer fan Fryslân

3

3.1 De provinsje: moedich spiler yn it maatskiplik netwurk

It CDA is fan miening dat it bestjoeren fan de provinsje by de minsken, ús ynweners, sels begjint. Fryslân moat bestjoerd wurde troch de ynweners sels. Dit betsjut dat de provinsje net fan 'boppe ôf' saken oplizze moat, mar binnen har ramten romte jaan moat om eigen ferantwurdlikheid en inisjatyf te nimmen. It CDA stiet foar in iepen provinsjaal bestjoer dat harket nei wat der yn de maatskippij libbet.

De provinsje respektarret de posysje en autonomy fan de earste oerheid: de gemeenten. Ys steane it tichtste by de ynweners fan ús provinsje.

De provinsje moat wol noed stean foar it boppegemeentlike provinsjale belang, mar docht dit net allinne. It CDA sjocht de provinsje as ien fan de spilers yn hieltyd wikseljende maatskiplike netwurken mei ûnder oaren gemeenten, wenningkorporaasjes, soarchynstellings,

kultuerynstellings, maatskiplike organisaasjes, ûndernimmersferienings en lânbou-organisaasjes. Yn it netwurk besiket de provinsje de effisjinsje en slachkrêft te fergrutsjen troch kennisynbring en it organisearjen en ôfstimmen fan gearwurkingsferbannen. De provinsje lit dêryn in moedich tsjinjende en regisrearjende rol sjen. De provinsje is net ôfwachtjend mar nimt, dêr't dat nedich is en winske wurdt, it inisjatyf.

3.2 Provinsjaal foech fersus provinsjaal belang

• *Provinsjale foegen*

De provinsje respektarret op grûn fan de útgongspunten fan de partij de foegen fan oare oerheden en de autonomy fan it organisearre maatskiplike middenfjild. Struktureel operearret en profilearret de provinsje har op har wetlike taken en dy taken, dy't fanwege it boppegemeentlike skaalnivo, har foar in provinsjale effisjinte en slachfeardige oanpak liene. It CDA is fan miening dat op syn meast twa oerheidslagen har struktureel mei ien oerheidstaak dwaande hâlde meie. Dit om in bestjoerlike lapketekken en ûnnedige bestjoerlike drokte foar te kommen.

• *Provinsjaal belang*

De provinsje hat each foar ûntwikkelings en problemen yn de maatskippij en is ree om, dêr't provinsjale belangen oan 'e oarder binne, ynsidinteele ferantwurdlikheid te nimmen. Ek dêr't it net om spesifike provinsjale taken en foegen giet. De mearwearde fan provinsjale bemuoïing moat dan wol dúdlik wêze. De provinsje nimt dizze ynsidinteele ferantwurdlikheid yn oerlis mei oanbelangjende partners. Yn dit kader is it oerlis mei de "Vereniging van Friese Gemeenten" en it Wetterskip fan grut belang as sinjaal- en ôfstimmingplatfoarm. Yn it ferline hat it CDA oerienkomstich dizze line súksesfol ferantwurdlikheid naam op it mêd fan de kwaliteitsferbettering fan it basisûnderwiis en it tsjingean fan alkoholgebrûk en hat it inisjatyf naam foar de oanpak fan "oandachtsge-

bieten". De provinsjale rol bij dizze provinsjale belangen kin dan tydlik inisjearjend, stimulearjend en organisearjend wêze: partijen by inoar bringe.

Fryske belangen binne hieltyd faker oan 'e oarder op lanlik en Europeesk nivo. Dizze belangen fariearje fan kultuer en de Fryske taal oant wurkgelegenheids- en plattelânprojekten. CDA Fryslân ûnderhâldt nau kontakt mei CDA'ers in De Haach en Brussel om dizze belangen te behertigjen.

3.3 Ferhâlding mei it Wetterskip Fryslân

It CDA respektarret de wetlike en bysûndere posysje fan it wetterskip yn ús steatsbestel. De posysje fan it wetterskip is bysûnder omdat it oan de iene kant in iepenbier lichem is mei ien spesifike wetlike taak: kwaliteits- en kwantiteitsbehear fan it oerflakwetter, en oan de oare kant omdat der in dúdlike relaasje is tusken belang, sizzenskip en beteljen. Der wurdt ynsjoen dat der in oerlap is mei it provinsjale takepakket. Dit twingt ta in bettere bestjoerlike gearwurking tusken provinsje en Wetterskip Fryslân, om de taken better útfinere te kinnen en kosten te besparjen. Omdat de Fryske situaasje unyk is - de territoriale grinzen fan it Wetterskip falle fierhinne gear mei dy fan de provinsje - siket it CDA it ferbetterjen fan de effisjinsje net yn it fergrutsjen fan it wetterskip ta in Noard-Nederlânsk wetterskip.

3.4 De posysje fan de Fryske gemeenten

De provinsje is ree om foegen en taken mei in regionaal karakter oan yndividuele gemeenten en gearwurkjende gemeenten oer te dragen, wannear't dy gemeenten genôch skaal en bestjoerskrêft sjen litten hawwe om dizze taken en foegen op in slachfeardige en effisjinte wize útoefenje te kinnen. Yn sokke gefallen wurdt der in gebietskvenant tusken provinsje en gemeente ôfsluten. It CDA pleitet foar spesjale oandacht foar konvenanten mei de (gearwurkjende) waadgemeenten, yn ferbân mei de spesifike kennis fan de problematyk dy't dêr oanwêzich is.

Weryndieling fan gemeenten wurdt net troch de provinsje inisjearre of oplein. It is oan gemeenterieden om dêrta te besluten. De provinsje komt allinne yn aksje by konkrete bestjoerlike of finansjele knyp punten, wêrby't weryndieling de iennichste oplossing is. Ek dan is maatwurk fereaske. It provinsjaal bestjoer tinkt, by in winsk ta weryndieling, om

de sosjale en geografyske gearhing fan de oanbelangjende gemeenten. Sy tinkt der ek om, dat der genôch regionaal draachflak is foar de winske weryndieling.



4

Minsken

4.1 Befolking

Posysje en trends

De gearstalling fan de befolking sil de kommende jierren in hiel Fryslân feroarje. It oantal 65-plussers sil op lange termyn fertrijefâldigje. Dizze trend is wilens ynset. Dêrneist wurdt de groep âlderen hieltyd âlder. Hjirtroch sil it berop op wolwêzen- en soarchfoarsjennings likegoed yn de stêd as op it plattelân tanimme. Âlderen beskikke oer in protte kennis en (libbens)ûnderfining. Harren ynbring op sosjaal en maatskiplik mêd kin ús maatskippij ferrykje en kleur jaan.

Yn dielen fan de provinsje, benammen yn it noardeastlik diel fan ús provinsje, is der sprake fan in strukturele ôfname fan de befolking. Hjirmei komme foarsjennings, sa as basisskoallen, multifunksjonele sintra en kulturele- en sportfoarsjennings ûnder druk te stean. Dizze ûntwikkeling kin de krimp fersterkje troch it fuortgean fan húshâldens. Dit kin op termyn in iensidige swakke sosjaal-ekonomyske struktuer as gefolch hawwe.

Fisy CDA

De feroaring fan de omfang en de gearstalling fan de befolking is in Frysk en regionaal feit,

dat him net steurt oan gemeentegrinzen. De provinsje hat dêrom in rol om de gefolgen fan de befolkingûntwikkeling sa goed mooglik te wjerstean. Doel moat wêze om de leefberens yn stân te hâlden, troch in provinsjaal netwurk fan sport, wolwêzen-, ûnderwiis- en soarchfoarsjennings te realisearjen en ynnovative inisjativen op dit mêd te stypjen. Dit om de beskikberens en tagonklikheid fan it foarsjenningsnivo op in takomstbestindige wize yn stân te hâlden en te befoarderjen. Nettsjinsteande it feit dat dit primêr in gemeentlike ferantwurdlikheid is, hat de provinsje wol degelik in koördinearjende en regisrearjende rol omdat krimp in regionaal feit is. In goed ynstrumint om de provinsjale ferantwurdlikheid ynfolling te jaan is de struktuerfisy op grûn fan de Wet op de Romtelike Oarderding.

It CDA wol konkreet

- Yn krimpregio's mei oanbelangjende gemeenten en maatskiplike organisaasjes regionale struktuerfisys opstelle;
- Mei beächtsjen fan de merkwrking yn de soarch en de gemeentlike ferantwurdlikheid, in spriedingsplan Wolwêzen en Soarch opstelle om in lykwichtige sprieding fan soarch en wolwêzenfoarsjennings op de ferskate skaalnivo's te realisearjen, sadat dizze foarsjennings berikber en tagonklik bliuwe;
- Wolwêzen en soarch as oandachtspunt yn it provinsjaal belied foar ISV (Investeringsbudget Stedelijke Vernieuwing) om goede inisjativen finansjeel stypje te kinnen;
- De digitale ynfrastruktuer befoarderje om de tsjinstferliening fan maatskiplike organisaasjes sa as wolwêzen, soarch en feilichheid te ferbetterjen.
- Stimulearje, yn gearwurking mei de gemeenten, dat it potinsjeel oan kennis, kunde en ûnderfining fan âlderen ynset/benutte wurdt.

4.2 Jeugdsoarch

Fisy CDA

De spesjalisearre jeugdsoarch is in taak foar de provinsje Fryslân en moat dat neffens it CDA ek bliuwe. Sa wurdt te foaren kommen dat de helpferliening yn dizze tinbefolke provinsje te folle fernipele wurdt. Jongerein dy't help nedich hawwe moatte fluch holpen wurde.

It CDA wol konkreet

- Mei it soarchkantoar, soarchfersekeringslju en soarchoanbieders ôfspraken meitsje oer in slutede effektyf en effisjint oanbod;
- It oerdragen fan lichte jeugdsoarch nei de gemeenten ûnder it betingst dat resint ynfierde ferbetterings boarge wurde. Dit om te befoarderjen dat jongerein en gesinnen noch flugger dy help krije dy't nedich is.

4.3 Ûnderwiis

Posysje en trends

In protte jongerein ferlitte de provinsje om earne oars in oplieding te folgjen op heger of akademysk nivo. Der komt mar in lyts diel fan dizze jongerein nei it dienmeitsjen fan de stúdzje werom nei Fryslân. Dit hat in negative ynfloed op de omfang en gearstalling fan de beroepsbefolking en dus ek op it fêstigingsklimaat foar bedriuwen.

Fisy CDA

Wol Fryslân takomstperspektyf foar jongerein biede, dan is in fersterking fan it oanbod fan HBO-opliedings fan grut belang. It realisearjen fan universitêre stúdzjes, sa as by de University Campus Fryslân, is yn dit ramt evident.

It CDA wol konkreet

- Him ynsette foar trochûntwikkeling en fersterking fan universitêre stúdzjes yn Fryslân;
- Him rjochtsjen bliuwe op regionale tema's as wetter, duorsume enerzjy, lânbou en meartalichheid yn it heger ûnderwiis;
- Fersterking fan it MBO en HBO-oanbod;

- It projekt Boppeslach (kwaliteitsferbettering primêr ûnderwiis) dienmeitsje en soargje foar boarging fan de resultaten.

4.4 Sport

Posysje en trends

Sport nimt fan âlds in belangryk plak yn yn de Fryske maatskippij. Wy hawwe ieuwenâlde tradysjes op it mêd fan fierljeppen, reedriden, keatsen, skûtsjesilen en de Fryske hynstesport. Al dizze sporten kinne noch altyd op in grutte belangstelling rekkenje. Dêrneist hat Fryslân in protte sportferienings, yn de stêd likegoed as op it plattelân. Sport is, neist dat it belang hat foar de folksûnens, in belangryk binend elemint yn ús Fryske maatskippij. Yn hast alle doarpen is wol in sportferiening aktyf. Troch de feroarjende gearstalling en omfang fan de befolking kin it fuortbestean fan sportferienings en it fynmeskige netwurk fan sportakkommodaasjes ûnder druk komme te stean.

‘t Hearrenfean hat him as sportstêd goed ûntwikkele. Foar de promoasje fan sport yn syn algemienheid, mar ek foar de promoasje fan Fryslân is in prominint plak op it mêd fan sport fan belang. Op koarte termyn moat troch de gemeente ‘t Hearrenfean in beslút nommen wurde oer Thialf: nijbou of ferbou.

It Olympysk Plan 2028 is de ambysje om mei sport yn de folle breedte in bydrage te leverjen oan Nederlân, mei in protte positive effekten nò en yn de takomst. En mei de organisaasje fan de Olympyske en Paralympyske Spullen fan 2028 yn Nederlân as ynspirearjend perspektyf en mooglike útkomst. It Olympysk Plan 2028 formulearret acht ambysjes. Dy geane de topsport, de breedtesport, de sosjaal maatskiplike effekten, wolwêzen, ekonomy, romtelike oardering, de organisaasje fan eveneminten en de media-oandacht oan. De opstellers fan it plan skriuwe dêroer: “Wa’t ambysjes hat, hat ek dreamen. Ek wy hawwe dreamen. Dreamen oer de bydrage fan sport oan in bettere maatskippij”.

Fisy CDA

Sportfoarsjennings moatte foar de ynweners fan Fryslân leechdrompelig wêze. In netwurk fan sportakkommodaasjes op ferskate skaalniivo’s is hjirfoar fan grut belang.

‘t Hearrenfean moat yn elts gefal beskikke oer in topiisstadion - mei in A-status - omdat dit in sterke oanlûkingskrêft hat, de reedriderssport yn Fryslân op in noch heger peil bringe kin en ek foar de trochsnee sportbeoefener och sa oantreklik is.

Grutte en oansprekkende sporteveneminten en sportaktiviteiten binne net allinne fan betsjutting foar de sport, mar hawwe ek ekonomyske wearde en binne belangryk foar de promoasje fan de provinsje.

It CDA wol konkreet

- Yn regionale struktuerfisy (opsteld mei oanbelangjende en gearwurkjende gemeenten) oandacht foar de ynstânhâlding en sprieding fan sportakkommodaasjes;
- Jild ynvestearje yn de nijbou fan Thialf, ûnder it betingst dat foarôf oantoand is dat de eksploitaasje op langere termyn slutend wêze sil en it bedriuwslibben in stevige rol spilet;
- Dat de provinsje lûker is by it ûntwikkeljen fan in Olympysk Plan 2028 foar Fryslân. Soe Nederlân de Olympyske Spullen yn 2028 en/of it wrâldkampioenskip fuotbaljen yn 2018 organisearje, dan kin Fryslân him rjochtsje op it organisearjen fan in tal ûnderdielen hjirfan. Foar Sportstêd ‘t Hearrenfean c.q. Thialf en de Fryske marren is dan in belangrike rol weilein. Binnen it konsept fan Sportstêd ‘t Hearrenfean mooglikheden ûndersykje foar topsportlokaasjes op oare plakken, sa as it topsportswimbad yn Drachten;
- Foar wat it WK oanbelanget: yn finansjele sin in ‘stypjende’ rol hawwe. Foar strukturele ynvestearings is gjin romte.
- In prominint plak foar Fryske tradisjonele sporten.

4.5 Kultuer & taal

Posysje en trends

De Fryske kultuer is neffens it CDA de basis foar ús provinsjale identiteit. Koaren, muzyk-korpsen, festivals, toaniel en (Fryske) popmuzyk binne net fuort te tinken út ús provinsje. Mar ek Fryske musea, (kulturele) ynstellings (sa as de Fryske Akademy, Tresoar, de Afûk, ensafuorthinne) leverje in grutte bydrage oan it yn stân hâlden en befoarderjen fan ús kulturele erfgoed yn brede sin.

Meartalichheid is in fûnemintele realiteit in Fryslân. It gebrûk fan de eigen Fryske taal is ûnskiedber ferbûn mei ús Fryske identiteit en kultuer. Beide talen moatte dêrom yn de Fryske maatskippij lykweardich neist inoar funksjonearje kinne.

Troch de tanimmende ynternasjonalsearring en globalisearring steane regionale kultuer en taal hieltyd mear ûnder druk fan ynfloeden fan bûten.

Fisy CDA

Taal en kultuer binne kearntaken fan de provinsje. It ryk of it IPO sille harren net hurd meitsje foar it Frysk. De provinsje moat hjir belied op fiere om te soargjen dat der op dizze mêden genôch bart. It ryk komt syn ôfspraken net nei, in foarbyld is de Wet OKE (Wet Ontwikkelingskansen door Kwaliteit en Educatie). Wy moatte dy ferantwurdlikheid dus beneame.

De ambysje om Fryslân te bevestigen as kulturele 'haadstêd' fertsjinnest stipe; yn dizze ambysje moat de hiele provinsje betruksen wurde. Hjirtroch wurdt it kulturele klimaat en alles wat dêr by heart bliuwend ferbettere.

It CDA wol konkreet

- Op it mêd fan klienkeunst boppegemeentlike projekten finansjele stipe biede (byg. Oerol en Slachtemarathon);
- It boppegemeentlike kultueroanbod finan-

sjeel stypje, sa as de fjouwer Fryske musea en kulturele ynstellings sa as Tresoar en de Fryske Akademy;

- Fryslân bevestigje as kulturele 'haadstêd'. Hjirtroch kin it kulturele klimaat bliuwend fersterke en ferbettere wurde;
- It karakteristyk Frysk kultuerhistoarysk erfgoed (gebouwen) behâlde troch yn gearwurking mei de gemeenten de ynstânholding derfan te stimulearjen;
- Befoarderje fan meartalige skoallen en pjutteboartersplakken;
- De ôfspraken dy't makke binne yn it Europeeske Ramtferdrach foar minderheidstalen fierder útwurkje;
- De foegen op it mêd fan it Fryske taalûnderwiis op it basis- en fuortset ûnderwiis en op de learareopleiding moatte mear ynfolle wurde om it Fryske taalûnderwiis te bevestigen;
- De oandacht foar en it belang fan de streek-talen moatte yn gearwurking mei de gemeenten boarge wurde;
- De gearwurking tusken de Fryske kulturele ynstellings ferbetterje;
- Omrop Fryslân is foar de ûntwikkeling en ynstânholding fan de Fryske taal fan hiel grut belang.



Omjouwing

5

5.1 Wenjen

Posysje en trends

De befolkingsûntwikkeling hat effekt op de wenbehoefte: mear âlderen, minder jongerein, mear - mar wol faak lytsere - húshâldens, freegje om in doelberet wenteboubelied. De fraach nei wenten dy't geskikt binne foar âlderen sil de kommende jierren sterk tanimme.

Yn regio's mei sakjende befolkingstallen, kin it tafoegjen fan wenten oan de wenningfoarried op lange termyn de wenningmerk fersteure.

Der is amper noch trochstreaming fan de hiersektor nei de keapsektor, wêrtroch't it berop op de hiersektor tanimmen bliuwt, mei lange wachttiden ta gefolch.

In diel fan de Fryske wenningfoarried foldocht net oan de wenwinsken fan dizze tiid. Fertut-eazing fan âlde wenwiken leit op de loer.

Fisy fan it CDA

Der sil mear boud wurde moatte foar de âlderein en foar de húshâldens dy't oanwiisd binne op de hiersektor. In transformaasje en ferbettering fan de besteande wenningfoarried moat

in spearpunt wêze fan provinsjaal yntegraal stedlik fernijingsbelied (ISV), ek út sosjaal perspektyf wei. De bysûndere posysje fan de Waadeilannen wurdt hjirby erkend. Wenningbou fynt by foarkar plak op ynbreidingslokaasjes binnen it bestoand beboud gebiet. Dit om fierdere ferstienning fan ús provinsje tsjin te gean en/of leechstân op oare plakken foar te kommen.

It CDA wol konkreet

- Yn de wenningbou-ôfspraken mei de gemeenten wurdt it aksint mear lein op de ferbettering en it werstrukturearjen fan de besteande wenningfoarried, sadat dy better oanslút by takomstige wenwinsken. De provinsje stipet dit troch in werstrukturearringsfûns;
- Yn de wenningbou-ôfspraken mei gemeenten wurdt it aksint mear lein op ynbreiding as at no it gefal is;
- Yn de wenningbou-ôfspraken mei de gemeenten is maatwurk nedich;
- Âldereinhúsfêsting bart yn relaasje mei soarch- en wolwêzenfoarsjennings;
- Yn it nije ISV-belied is in belangryk oandachtspunt it yn kwalitative sin op peil hâlden fan de wenningfoarried yn krimpgebiede.

ten.

- It CDA-inisjatyffoarstel “Oandachtsgebieten, ta ferbettering fan de leefberheid yn Fryske stêden en doarpen”, wurdt kontinuearre. Yn gearwurking mei gemeente, it ryk, wenning-korporaasjes ensafuorthinne, wurdt fierder wurke oan dit beslút en sil breed ynset wurde om de protte aspekten dy’t ynfloed hawwe op de leefberens yn wyk en doarp te ferbetterjen.

5.2 Natuer

Posysje en trends

Fryslân is de moaiste provinsje fan ús lân. It wrydske, wetterrike en kûlisselânskip is unyk. Net allinne yn Nederlân, mar ek yn Europa. Fryslân hat twa Nasjonale Lânskippen: de Noardlike Fryske Wâlden en Súdwest-Fryslân. Der binne fjouwer Nasjonale Parken: Alde Feanen, Skiermûntseach, it Drents-Friese Wold en de Lauwersmar. It Waadgebiet stiet op de UNESCO wrâlderfgoedlist.

De natuer wurdt hieltyd mear beskerme wêrby’t ideaalbylden, sifers of oantallen út it fiere ferline en krityske deposysjewearde faak liedend binne. Dit kin ta gefolch hawwe dat agraryske bedriuwen op slot set wurde of dat bedriuwûntwikkeling ûnmooglik wurdt.

Wat de realisasje fan de Ekologyske Haadstruktuer (EHS) oanbelanget, binne de doelstellingen en de beskikbere finansjele middelen de lêste jierren hieltyd mear ûnder druk kommen.

Foar de greidefûgels is Fryslân och sa’n belangryk gebiet.

Natuerbehearorganisaasjes hawwe in belangrike taak at it giet om it behear fan natuergebieten. Sy beskikke oer in protte kennis fan natuer en libbensomjouwing.

Boeren en partikulieren binne goed by steat om it lânskip te ûnderhâlden en te behearen.

Agrarysk en partikulier natuerbehear is lykwaardich oan behear troch “Terrein Beherende Organisaasjes” (TBO’S).

Troch it tanimmen fan it oantal guozzen driget it natuerlik lykwicht ûntregele te wurden.

Fisy fan it CDA

It CDA wurdearret ús wrydske, wetterrike en kûlisselânskip en wol dit behâlde en koesterje. Dêrom is it CDA der foarstander fan om de fierdere ferstienning fan ús lânskip dêr’t dat mooglik is foar te kommen. Nije stedlike ûntwikkelings moatte yn earste ynstânsje socht wurde binnen it bestand beboud gebiet troch ynbreiding, werstrukturearring of funksjewizing yn stêden likegoed as yn doarpen.

De wrâld dêr’t wy op libje is ús jûn en it besef, dat ek ús bern genietsje kinne moatte fan de natuer en dat wy oan harren in leefbere omjouwing neilitte moatte, moat der altyd wêze. Wannear’t wy prate oer in leefbere omjouwing foar ús bern, realisearret it CDA him ek dat foar wenjen, wurkjen en rekreëarjen yn dy omjouwing de romte wêze moat. It provinsjale belied moat dêrom yn balâns wêze, dêrby is der lykwicht tusken de begripen natuer, ekonomy, rekreaasje en wenjen. It CDA giet út fan in kombinaasje fan funksjes as natuer, lânbou, wetter, lânskip en toerisme. Dat jildt ek foar de EHS en foar Natura 2000 gebieten.

It belied op basis fan Natura 2000 moat yn ús eagen oanslute by de realiteit fan hjoed de dei. Útgongspunt is dat de minske ûnderdiel is fan de natuer en der net tsjinoer stiet. Der moat te foaren kommen wurde dat bedriuwen op slot set wurde, dat wenjen en rekreëarjen ûnmooglik makke wurdt of dat ûntwikkeling derfan yn de takomst net mear mooglik wêze soe. In kombinaasje fan funksjes moat ek yn Natura 2000 gebieten mooglik bliuwe.

It CDA achtet it greidefûgelbehear en de ynvestearings dy’t de provinsje op dit mêd docht fan grut belang. It moat lykwols wol sa wêze

dat dizze grutte ynvestearings resultaat opleverje.

It CDA wol konkreet

- In Natura 2000 belied dêr't natuerdoelstellingen en de Habitatrjochtlie liedend by binne. Der moat te foaren kommen wurde dat bedriuwen op slot set wurde, wenjen en rekrêarjen ûnmooglik makke wurde of dat ûntwikkeling dêrfan yn de takomst net mear mooglik is;
- In temporisearring fan de EHS doelstellingen yn tiid en jild;
- De natueropjeften, sa as ekologyske ferbiningsônes, de EHS en soksoarte bondelje;
- Natuergebieten safolle mooglik iepenstelle foar it publyk, sadat de natuer ek belibbe wurde kin: rekreatyf meigebrûk;
- Gjin ekstra regels foar it waadgebiet;
- In selde fergoeding foar oan de iene kant agrarysk- en partikulier natuerbehear en de oare kant oer foar behear troch Terrein Beherende Organisaasjes (TBO's). Dit kin troch in wiziging yn Haachse en Brusselske regeljouwing. Fierder moat foar beide deselde regels jilde;
- Ferbettering fan it belied op it mêd fan greidefûgelbehear. Nei in brede rieplachting fan it "fjild" moat dizze ferbettererslach opnaam wurde yn it nije greidefûgelplan. Wy tinke bygelyks oan it ynvestearjen yn kearngebieten, dat der each wêze moat foar de hieltyd tanimmende predaasjedruk, dat der in mentaliteitsslach makke wurde moat yn de lânbousektor en by de TBO's (gedrachkoade) en sa. Maatwurk foar alle gebieten is in essinsjeel útgangspunt;
- De hjoeddeistige tradysje fan "aaisykjen" moat yn stân bliuwe, kombinearre mei de nedige neisoarch;
- Guozzebelied: ynsetten bliuwe op it maatwurkplan, wêrby't de provinsje, natuer- en boere-organisaasjes, Faunabehear, de KNJV en it Ryk mei-inoar wurkje sille oan in oplossing foar it probleem fan it tanimmende oantal guozzen. Fleksibelens en maatwurk binne hjirby foar it CDA belangrike útgongs

punten;

- Belanghawwenden, ek natuerorganisaasjes, wurde behelle yn de tarieding fan provinsjale projekten.

5.3 De agraryske sektor

Posysje en trends

It oantal agraryske bedriuwen nimt noch hieltyd ôf, mar guon bedriuwen dy't oerbluwe wurde noch hieltyd grutter.

Yn de agraryske sektor is sprake fan brânzjeferbreiding. In protte bedriuwen ûndernimme aktiviteiten op bygelyks it mêd fan rekreaasje en toerisme, ferkeap fan streekprodukten, produksje fan duorsume enerzjy en lânskip- en natuerbehear.

Troch it ophâlden mei buorkjen ferlieze agraryske bedriuwen harren agraryske bestimming.

Fisy fan it CDA

Foar de skaalfergrutting yn de lânbou moat – binnen sekere kaders – romte bliuwe. In goede ynpassing fan de bedriuwsgedriuwen yn de omjouwing is needsaaklik. It CDA stipet de fisy fan LTO en provinsje, dy't dellein is yn de wurkwize "De Nije Pleats". Dizze fisy hâldt rekken mei in lange termynplanning fan agraryske bedriuwen en jout romtlke ramten foar in goede lânskiplike ynpassing. It CDA is fan miening dat de provinsje derop tasjen moat dat gemeenten dizze wurkwize yn harren bestimmingsplannen opnimme. Mei it folgjen fan dizze wurkwize hoegedere neffens it CDA gin strakke grinzen steld te wurden oan de grutte fan de boublokken.

Foar it behâlden fan in toanoanjouwende molkfeehâlderij en lyksoartige suvelyndustry is it fersterkjen fan de oanwêzige kennisynstituten op dit mêd fan belang.

It CDA wol konkreet

- Der op tasjen dat gemeenten de wurkwize

fan “De Nije Pleats” opnimme yn harren bestimmingsplannen, om te foaren te kommen dat strakke grinzen oan de omfang fan de boublokken de agraryske sektor behinderje;

- Dat agraryske bedriuwen yn natuergebieten harren trochûntwikkelje kinne moatte;
- Planologyske romte biede, sadat leechkommende agraryske bedriuwen in passende bestimming krije, dy’t omlizzende agraryske bedriuwen net behinderje meie yn harren bedriuwsfiering en útwreidingsmooglikheden;
- In optimale ferkaveling. Dy jout net allinne effisjintere bedriuwsfiering, mar soarget ek foar minder ferfier fan produkten en masines oer de wei en is dêrom goed foar de feiligens fan de oare weibrûkers;
- Dat oan grûn bûn wêzen fan de bedriuwstûke útgongspunt bliuwt mei de mooglikheid om mei nevenaktiviteiten te begjinnen;
- In oriïntaasje op de grinzen fan yntinsive agraryske bedriuwen dy’t net oan grûn bûn binne, dy’t liede moat ta it opnimmen fan regels yn it streekplan;
- Fierdere fersterking en ferbreding fan de Dairy Valley (Kennisgroep Nij Bosma Zathe) yn Ljouwert.

5.4 Wetter

Posysje en trends

Troch de klimaatferoarings wurdt ferwachte dat de seespegel op lange termyn heger wurde sil. De delslachpoarsjes nimme ta. Der falt faak yn koarte tiid in hiele protte delslach. Ek wurde de reinperioaden langer.

De konsumpsje fan drinkwetter nimt ta en de kwaliteit dêrfan stiet ûnder druk.

De diskusje oer de wetterpeilen yn de feangreidegebieten is yn folle gong.

Fisy fan it CDA

De tema’s Feilich, Genôch en Skjin foarmje de basis fan it wetterbehear yn Fryslân, ommers

in wetterrike provinsje by útstek. Yn syn karren wat it wetterbelied oanbelanget, sil it CDA him bliuwend troch dizze útgongspunten liede litte.

Wat it Deltaprogramma oanbelanget (rapport kommisje Veerman) is it CDA fan miening dat de provinsje yn de diskusje dêroer in stevige ynbring hawwe moat. Foar Fryslân spylje yn dit ramt twa belangen: feilige diken en genôch swiet wetter. Wat feilige diken oanbelanget is der mear ûndersyk nedich nei de urginsje, de needsaaklike hichte en de gefolgen dêrfan. Krekt dan kinne der karren makke wurde.

De provinsje moat soargje foar genôch drinkwetter fan in goede en betelbere kwaliteit. Útgongspunt is de winning fan drinkwetter út grûnwetter, omdat dit de duorsumste foarm is. Omdat drinkwetter in earste libbensbehoefte is moat de provinsje permaninte bestjoerlike ynfloed hawwe yn wetterliedingbedriuw Vitens.

Der moat in wettergebietfisy komme foar de feangreidegebieten. It CDA wol yn dizze diskusje each hawwe foar de arguminten fan alle partijen.

It CDA wol konkreet

- Sterke en takomstbestindige Fryske diken, wâlen en kades;
- Op de Waadeilannen de ekonomyske en bewennersbelangen goed genôch binnendyks bringe;
- In gemaalkapasiteit dy’t tarist is op ekstremer delslachpoarsjes en waarsenarjies;
- Neist de opfang fan wetter yn de boezem allinne opfang fan wetter yn retinsjebieden, mits dit foldocht oan strange betingsten en bart op basis fan frijwillichheid;
- By Genôch Wetter soarget it provinsjebestjoer foar genôch swietwetterfoarried yn droege tiden;
- Op termyn ek stribje nei ynnovative en alternatieve drinkwetterboarnen, sadat de ôfhinklikens fan grûnwetter minder belangryk

- wurdt;
- De provinsje moat in behoarlik oandielepakket hawwe yn it wetterliedingbedriuw Vitens;
 - Wat Skjin Wetter oanbelanget moat Fryslân syn belangrike posysje hâlde op it mêd fan ûndersykynstituten foar wetter yn Europa. Ynnovaasje en ûndersyk kin op in protte mêden soargje foar skjinner en duosumer gebrûk fan wetter (Wetsus, pilot blue energy).
 - Neier ûndersyk nei de needsaak fan peilferheging Iselmar, urginsje en mjitte fan dykferheging yn it kader fan it Deltaprogramma;
 - Yn in wettergebietfisy de folgjende útgongspunten belangryk fine:
 - a. peil folget funksje;
 - b. fisy op hokker funksjes at wêr hâlden wurde kinne, ek op basis fan ûndergrûn (fean / klaai);
 - c. der moat maatwurk levere wurde op basis fan ûnderskie yn peilfakken, grûnsoarten, natuerlike kwel ensa fuorthinne;
 - d. de mooglikheden fan flankearjend belied of kompensearjende maatregels.
 - It CDA fynt dat it gemaal op Lauwerseach realisearre wurde moat.

5.5 Duosumens

Posysje en trends

Wy libje yn in tiid fan in feroarjend klimaat, as gefolch fan de CO₂ útstjit, wêrby't in grut diel fan de befolking him wilens bewust is fan de gefolgen.

De fossile brânstoffen reitsje op. It sykjen nei alternativen is urgint. Troch de ferwachte heger wurdende enerzjyprizen wurde alternativen yn de takomst wierskynlik hieltyd earder yn ekonomyske sin rendearjend. It op grutte skaal tapassen fan alternative enerzjyboarnen en enerzjybesparjende maatregels komt mar dreech op gong, nettsjinsteande it grut tal subsydzjeregelingen fan de oerheid en hoe-wol't dêr just grutte winst te beheljen is yn it duosumensfraachstik.

Sâltwinning ûnder it fêste lân fan Fryslân hat it sakjen fan de boaiem ta gefolch hân. De ûndersyksresultaten nei sâltwinning ûnder de boaiem fan de Waadsee binne posityf.

It ryk oriïntearret him op lokaasjes foar de opslach fan CO₂. It each is op Fryslân fallen.

De fisy fan it CDA

It CDA stiet foar in konkrete ynfolling fan duosumens, of better sein: rintmasterskip. Rintmasterskip is rjochte op de takomst en soarget derfoar dat ús bern net opskipe wurde mei de negative resultaten fan ús gedrach en ús libbenswize. It is dêrom belangryk dat wy goed witte wat wy nó dogge, wat wy dwaan sille en mei hokker gefolgen. Oertsjûging en it bewust wurden fan en by minsken is nedich en neffens it CDA hat de provinsjale oerheid hjirby in taak. Net troch it hieltyd wer subsidiearjen fan nije projekten, mar troch it ynspirearjen fan minsken en de merk.

De ûntwikkelings op it mêd fan alternative en duosume enerzjywinning geane hiel hurd. It CDA fynt dat de provinsje op dizze ûntwikkelings ynspyljen bliuwe moat en ynvestearje.

De trije noardlike provinsjes hawwe mei it ryk in Enerzjy-akkoart ôfsluten, mei duosume ambysjes. Dit akkoart is mei-ûndertekene troch hast alle gemeenten. It is fan belang oan de útfiering dêrfan hege prioriteit te jaan.

Opslach fan CO₂ yn ús provinsje kin allinne as de konsekwinssjes helder en akseptabel binne en der sprake is fan oantoanbere miljeuwinst. Opslach ûnder wenwiken wiist it CDA ôf.

It CDA wol konkreet

- Om ferrommeljen fan it lânskip tsjin te gean moatte wynmûnen by foarkar op see of yn in beheind oantal groepen pleatst wurde, ûnder betingst dat solitêre wynmûnen ferdwine sille;
- Blue Energy pilots mooglik meitsje en útwreiding befoarderje sadree't dit technysk

- mooglik is;
- Partisipearjen bliuwe yn Energy Valley, mei as doel it realisearjen fan duorsume ynnovative enerzjyprojekten en de fersterking fan Noard-Nederlân as enerzjyregio;
- De merk stimulearje duorsume ûntwikkelings op gong te bringen troch bewustwurding oan de fraachkant likegoed as de oanbodkant fan de merk (sinne-enerzjy, ferduorsumje bestaand beboud gebiet, dongfergisters);
- Útfiering enerzjy-akkoart Noard-Nederlân;
- Oergong fan de sâltwinning ûnder it fêstelân, nei sâltwinning ûnder it Waad;
- At oergien wurdt ta CO2 opslach yn de Fryske boaiem, dan moat socht wurde nei opslachmooglikheden bûten wenwiken mei draachflak fan de lokale befolking.

5.6 Ferkear en ferfier

Posysje en trends

Berikberheid fan foarsjennings wurdt hieltyd belangriker. Mobiliteit is in betingst om diel te nimmen oan netwurken, te soargjen foar in goede ûntsluting fan de provinsje en gebrûk meitsje te kinnen fan foarsjennings. In goede berikberheid is dêrom neffens it CDA in betingst foar leefberens yn ús Fryske kearnen.

Foar de berikberheid fan foarsjennings wurde de mooglikheden fan de digitale wei ek hieltyd belangriker. In digitale wei foar it ferkear fan data en ynteraksje tusken oanbieders fan tsjinsten en kliïnten wurdt hieltyd belangriker foar de leefberens.

Fisy fan it CDA

Yn de ôfrûne jierren binne besluten nommen oer projekten dêr't de Fryske haadynfrastruktuer goed mei op oarder brocht wurdt en dêrmei ôfmakke wurdt. It giet dan ûnder mear om de Heak om Ljouwert, de ferdûbeling fan de N31 troch Harns (de Traverse), de rotonde by de Jouwer, de N381 en de Sintrale As. It CDA fynt dat dizze projekten yn de kommende fjouwer jier útfierd wurde moatte en dat de

finansjele ôfspraken dy't hjiroer makke binne neikommen wurde moatte.

In goede digitale ynfastruktuer foar de útwikseling fan digitale gegevens en foar kontakten tusken oanbieders fan tsjinsten en kliïnten is fan grut belang foar de tagonklikheid en beskikberens fan tsjinsten op foaral it plattelân.

De ynrjochting fan lokale wegen moat passe yn de omjouwing en romte biede oan alle ferkearsdielnimmers. Feilichheid fan de ferkearsdielnimmers stiet foar it CDA foarop. Dy kin befoardere wurde troch in ynrjochting fan wegen dy't fan ferkearsdielnimmers freget om sels de ferantwurdlikheid te dragen foar de feilichheid op de wei.

Frachtferfier oer it wetter moat de romte krije.

It CDA wol konkreet

- De kommende fjouwer jier de Fryske haadwegenynfastruktuer op oarder bringe;
- In goede ûntsluting fan de súdwesthoeke by de Lemmer;
- Hanthavening en útfiering fan de oerienkommen ôfspraken yn it ramt fan it Regiospesifyk Pakket (RSP) tusken it ryk en de trije noardlike provinsjes;
- Mear oandacht foar feilich lânbouferkear;
- Sykjen bliuwe nei nije en betelbere konsepten fan Iepenbier Ferfier. Kombinaasje mei doelgroepeferfier en bettere oanslutings binne winske;
- Mear treinen yn it oere op it trajekt Ljouwert-Grins en nei de Rânestêd;
- Ûndersykje oft it net better is mei ien IF-maatskippij te wurkjen;
- Safolle mooglik skieding fan berops- en plezierfeart, om it risiko op ûngelokken lytser te meitsjen en de ûntwikkeling fan rekreative feart net te behinderjen;
- De ekonomyske wearde fan frachtferfier oer wetter yn byld bringe, om oan de hân dêrfan heldere karren te meitsjen;
- In goede digitale ynfastruktuer om de leef-

- berens en de berikberheid fan tsjinsten te befoarderjen;
- Bliuwende oandacht foar ferkearsedukaasje en gedrachsbeflyeding.



6

Wurk en ekonomy

6.1 Ekonomy

Posysje en trends

Fryslân hat in sterk bedriuwslibben. Neist troch grutte bedriuwen, ûnderskiedt ús provinsje har troch in sterk midden- en lytsbedriuwslibben. De gefolgen fan de ekonomyske resesje fan de ôfrûne jierren binne ek in Fryslân merkber.

Yn it bûtengebied moatte lytsskalige wurkplakken ûntstean kinne (sa as Cottage Industries), en de mooglikheid bean wurde foar de kombinaasje wenjen en lytsskalich wurkjen.

It midden- en lytsbedriuw yn Fryslân is foaral rjochte op de makyndustry. Dêrmei is dizze sektor fan grut belang foar de wurkgelegen-

heid. De makyndustry stiet ûnder druk troch konkurrinsje út East-Europeeske en oare lannen mei lege leanen.

It hjoeddeistige kearnsônebelied hat bondeeling en konsintraasje fan drokte foar eagen. De lêste jierren is sterk ynset op in twatal kearnsônes, dêrmei't de betsjutting fan kearnen bûten dizze sônes ûnderbeljochte bleaun is. Foar de twa kearnsônes binne twa ôfsûnderlike projektburo's aktyf dy't beide alle jierren troch de provinsje stipe wurde mei € 300.000,-.

De betsjutting fan de tradisjoneel sterke Fryske agraryske sektor (lânbou, feeteelt en glêstúnbou), sil nei ferwachting foar de wurkgelegenheid ôfnimme troch skaalfergrutting en bedriuwbeëiniging.

De binnenfiskerij en de Iselmar- en Waadfiskerij binne ûnderdiel fan de Fryske ekonomyske warberens. In sûne lokale fiskerijsektor draacht ek by oan de leefberens fan ferskate fiskerssteden en -doarpen.

Troch de demografyske ûntwikkelings yn Fryslân sil de omfang fan de beropsbefolking op termyn ôfnimme. Dit kin in bedriging wêze foar it fêstigingsklimaat yn Fryslân omdat der in risiko is fan in tekoart oan persoanen.

Troch de demografyske ûntwikkelings sil de wurkgelegenheid yn de soarch- en wolwêzenssektor nei ferwachting tanimme.

Bedriuwen binne hieltyd faker ôfhinklik fan goede ICT foarsjennings, dy foarmje in hieltyd belangrikere fêstigingsfaktor.

In goede digitale ynfrastuktuer foar de útwikseling fan digitale gegevens en foar kontakten tusken oanbieders fan tsjinsten en kliïnten is fan grut belang foar de tagonklikens en beskikberens fan tsjinsten op foaral it plattelân.

Fisy fan it CDA

In aktive hâlding fan de provinsje is fereaske om de wurkgelegenheid yn Fryslân op peil te hâlden, of te bringen. Ekonomysk belied moat ôfstimd wurde mei Grinslân en Drinte, mar Fryslân moat, dêr't dat nedich is, ek ree en yn steat wêze om har eigen belangen te behertigjen yn De Haach en yn Brussel.

Ljouwert hat in sterke posysje op it mêd fan wurkgelegenheid, foaral yn kennisûntwikkeling, tsjinsten en heger beropsûnderwiis. Mar ek mei bygelyks in operasjonele ienheid op de fleanbasis en ferskate soarchynstellings. It CDA fynt dat, neist yn it midden en lytsbedriuw, ek dêr ús krêft leit en dat wy dêr dêrom ek op ynsetten bliuwe moatte. Ek moatte wy ynvestearjen bliuwe yn de sektor wetterteknology as sektor fan ekonomysk belang.

It CDA fynt dat de agraryske sektor mooglikhe-

den hawwe moat om te ûndernimmen. Útgongspunt foar agraryske bedriuwen is it oan de grûn bûn wêzen fan de haadtakke. Dêrneist moat der romte wêze foar belangrike neven-takken en ferbreiding, bygelyks rekreaasje, soarcharranzjeminten, enerzjywinning en produksje en ferkeap fan streekprodukten (de sa-neamde multifunksjonele lânbou of maatskiplike tsjinsten).

It ekonomysk belied moat ferbrede wurde nei hiel Fryslân en him net primêr rjochtsjen bliuwe op de ekonomyske ûntwikkelingssône, mar op in struktuerfersterking fan hiel Fryslân. Gebietsrjochte wurkjen is dêrby in absolute needsaak. In goed foarbyld fan gebietsrjochte wurkjen fine wy yn Noardeast-Fryslân, dêr't provinsje en gemeenten mei-inoar in sosjaal-ekonomysk ramtplan foar de hiele regio opsteld hawwe.

It CDA wol konkreet

- Genôch fêstigingsmooglikheden foar (yndustriële) bedriuwen, wêrby't it omfoarmjen fan bedriuwsterreinen de foarkar hat boppe de oanlis fan nije terreinen;
- It CDA wol nei ien projektburo foar de grutte ekonomyske sônes (Westergoasône en A7-sône), wêrtroch at der mear tiid en jild frijmakke wurde kin foar it styppen fan de kearnen bûten de sônes;
- Gebietsrjochte wurkjen, en de maatregels dy't fuortkomme út regionale sosjaal-ekonomyske plannen, meie rekkenje op in flinke bydrage fan de provinsje;
- Dêr't it giet om fêstiging fan bedriuwen, moat in regionaal en op ferskate kearnen rjochte belied fierd wurde. Hjirby wurdt mei klam sjoen nei de ekonomyske potinsje fan it gebiet c.q. de kearn;
- Dizze stevige posysje fan it midden- en lytsbedriuw fierder stypje troch:
 - a. eigen oanbestegings sa yn te rjochtsjen dat (lytse en middelgrutte) Fryske bedriuwen genôch kânsen krije om dêrop yn te skriuwen – yn groepen oanbeesteege is net winsklik;

- b. it stimulearjen fan in bettere oansluting fan it midden- en lytsbedriuw mei middelbere beropsopliedings (bygelyks troch genôch staazjeplakken en learwurkplakken);
- c. te ûndersykjen wat de tafoege wearde fan groepearring fan MKB bedriuwen yn Fryslân betsjutte kin.
- In goede basisstruktuer fan glêsfyzelkabel;
- De befoardering fan de duorsume fiskerij op it Waad.

brêgen ferromje en derfoar soargje dat it brêgejild net mear op ferskate plakken betelle hoecht te wurden;

- It netwurk fan fyts-, kuier- en ruterpaden yn Fryslân, mei de gemeenten, yn stân hâlde en ûntwikkelje. De paden moatte digitaal likegoed as op kaarten ienfâldich te finen wêze;
- Ynvestearjen bliuwe yn ferbettering fan de toeristyske foarsjennings (bygelyks de rekreasjefeart) en dêrmei yn de wurkgelegenheid.

6.2 Rekreaasje en toerisme

Posysje en trends

Fryslân stiet bekend as de provinsje fan rêst en romte en is dêrmei och sa oantreklik foar toeristen. De toeristyske sektor fan Fryslân is yn ûntwikkeling. It tal oernachtings yn akkommodaasjes, kampings en jachthavens groeit noch hieltyd.

Fisy fan it CDA

It is fan belang dat toeristen en rekreanten maklik (digitale) ynformaasje fine kinne oer alles wat Fryslân te bieden hat. Dy ynformaasje moat thús fia ynternet likegoed as op meardere plakken yn Fryslân te krijen wêze.

It CDA wol konkreet

- It CDA achtet it in provinsjale taak om middels in stimulearjend en inisjearjend belied te wurkjen oan de kwaliteit fan dizze sektor yn gearwurking mei gemeenten en oare belanghawwenden;
- Mei gemeenten en bedriuwslibben ynsette bliuwe de ynformaasjefoarsjening op it mêd fan rekreaasje en toerisme op oarder te krijen en te hâlden, mei as doel in goede (digitale) ynformaasjefoarsjening foar toeristen thús fia ynternet likegoed as op meardere plakken in Fryslân;
- It realisearjen fan de Fryske toeristepas. Dy pas moat koarting jaan op yntreejild fan musea, tagong ta foarsjennings en soks mear;
- Mei de gemeenten de iepeningstiden foar



7

Finânsjes

Posysje en trends

Fryslân is in sterke en selsbewuste provinsje. Dat freget om in foar in grut part autonoom bestjoer dat genôch fasilitearre wurdt troch de ryksoerheid en beskikken bliuwt oer in eigen belêstinggebiet. De kommende jierren sil it provinsjaal bestjoer it beskikbere jild effisjinter ynsette moatte. De druk op it provinsjefûns is tanaam wêrtroch at der fan de provinsjale oerheid skerperre karren frege wurde.

Fisy fan it CDA

It CDA wol ynvestearjen bliuwe yn in sterke, oantreklike en takomstrjochte provinsje, mar wol op basis fan de feroarjende omstannichheden (sa as bygelyks de kearntakediskusje en de ekonomyske krisis). Dat freget om kreativiteit, rjochte belied en it ôfmeitsjen fan projekten dy't yn útfiering binne. Tagelyk freget dit om in sobere, doelmjittige en fleksibele bedriuwsfiering op it provinsjehûs.

It CDA wol konkreet

- In amtlike organisaasje dy't past by de beheindere taakopfetting fan de provinsje;
- Minder ynhier fan eksterne deskundigens;
- In krityske beskôging fan bydragen oan partijen wêrmei't de provinsje in (bestjoerlike)

relaasje hat;

- Wer-ikerje fan it subsidzjestelsel. Dit betsjut net dat subsidzjes oan ferskate ynstellings en organisaasjes abrupt stopset wurde, mar wol skerper ôfwoegen wurde. Subsidzjes moatte effisjinter ynset wurde: net donearje mar ynvestearje yn de takomst fan Fryslân;
- It fermogen dêr't de provinsje oer beskikt, ûnder oare troch de ferkeap fan NUON-oandielen, binnen de fêststelde kaders, brûke foar ûntwikkelings dy't ek foar de lange termyn in fersterking fan de provinsje betsjutte. De helte fan dit fermogen hat in weardefêst karakter;
- De provinsje hâldt in eigen belêstingdomein;
- It hjoeddeistige provinsjale belêstingdomein, de "provinsjale opsinten", is by foarkear net heger as it lanlik gemiddelde.

Kolofon

Dit ferkiezingsprogram is opsteld yn opdracht fan CDA Fryslân.

Jo kinne CDA Fryslân on line fine op www.cda-fryslan.nl

Gearstalling programkommisje:

Ronald Kortenhorst, Engbert van Esch, Attie de Graaf, Teus Dorrepaal, Jan Bargboer, Jos fan Winkelen, Corrie Hartholt-van der Veen, Maaike Prins, Alex Bonnema, Sietske Poepjes.

Adviseurs: *Douwe Tamminga, Ad van der Ham, Sjoerd Galema, Tineke Schokker-Strampel, Harry van der Molen, Harmen Akerboom, Fred Veenstra, Jannie Nicolai-Atsma.*

Redaksje: *Hans Halbesma*

Opmaak: *Sytske Balt-Dijkstra*

Fotografy: *û.o. Pink Sherbert Photography, trainedetrainer, uitdragerij, River Beach, jesse.milan, Sytske Balt-Dijkstra*

Út it Nederlânsk oerset troch:

Marijke Lenssen-Haaima

